

Ferslach fan de gearkomste Genealogysk Wurkferbân op 29 oktober 2022

Sprekker: M. den Dekker oer de famylje van Sinderen / van Zinderen.

De foarsitter hjit elkenien wolkom.

De gearkomste fan april 2023 is net op 4 mar op 8 april 2023.

De ferslagen fan it *Reiske nei Hegebeintum* en fan de *gearkomste 8 oktober* oer de famylje van der Sluis wurde beide goedkard.

Dan is it wurd oan de sprekker Marinus den Dekker út Dordrecht. Hy hat ek dûmny west yn in noardeasten fan Fryslân, yn Hantum en omlizzende doarpen. Hy is berne yn Seelân en hie in Fryske mem. Syn pake wenne yn Fryslân; beppe hat hy net kennen, dy is mar 28 jier wurden. Tidens de stúdzje yn Utert is er begûn mei it meitsjen fan syn kertiersteat. Letter hat er ferskate genealogyen makke. De lêste, in boek oer de famylje van Sinderen is yn 2018 útkaam. It is presintearre yn Beetstersweach. Syn mem wie fan Ternaard en derfoar hat de famylje 7 generaasjes yn Holwert tahâlden. Yn 1946 gong syn mem as ûnderwizeres nei Seelân. Yn eardere generaasje wie de famylje van Sinderen botte mobyl.

Van Sinderen is fan oarsprong net Frysk. Der is in Sinderen by Varseveld, Zenderen by Almelo en ek by Voorst hat in festing Sinderen west. Fan dit lêste plak binne noch in pear neikommelingen van Sinderen yn Brabân.

De "Fryske" van Sinderens begjinne yn Utert, yn hûs "IJzeren hoed". Der wenne in Jan van Sinderen mei 3 soannen: Abraham, Evert en Isack. Abraham is soldaat en giet yn 1644 mei frou en bern nei Recife yn Brasilië. Sân jier letter yn 1651 wenje hja yn Heusden en letter yn Breda. Fan dizze Abraham binne der gjin neikommelingen. Isack giet yn 1655 nei Amsterdam en is der passemetmakker. Ek fan Isack binne der gjin neikommelingen. Evert is yn 1630 soldaat en letter knoopmakker yn Amsterdam.



Hy trout hjir in Fryske frou, Ibeltsje út Snits. Evert trout 3 kear en hat 14 bern. Mar 2 dochters en soan Hotse wurde folwoeksen. Hotse giet nei Dokkum en is der ek knoopmakker en eksekuteur. Hotse syn soan Ulbe studearret yn 1690 yn Frjentsjer foar dûmny. Hy is de stamheit fan alle Fryske fan Sinderens. As er 23 jier is, is er klear mei de stúdzje en wurdt helppreker yn Ealsum. Yn 1700 wurdt er pedagooch yn Beetstersweach by de famylje Lyklema a Nijeholt. Yn 1715 as er 38 jier âld is wurdt er dûmny yn Beetstersweach. Hy sil dat 38 jier bliuwe. Syn soan Hotse wurdt sulversmid yn Dokkum.

Dûmny Ulbe syn soan Ulbe wurdt ek dûmny en giet nei Nij Nederlân yn Amerika. Der is in portret fan him út 1790, en hy hat in deiboek neilitten. Yn dit deiboek hat er ek de reis nei Amerika beskreaun. Ulbe trout in jongere frou en wurdt 88 jier âld. Der is in brief út 1753 bewarre bleaun fan Hotse oan syn soan Ulbe yn Amerika.

Ulbe de soan fan Hotse út Dokkum studearret ek yn Frjentsjer en wurdt dûmny by de VOC yn Batavia. Hy skriuwt in ferslach oer in ynspeksjereis nei Celebes.

Alle no noch libjende Van Sinderens stamme ôf fan de 2 dochters fan dûmny Ulbe fan Beetstersweach. Janke de dochter krijt 2 soannen. Har iene soan Jacob is seeman en neamt him de Vries. Ulbe de oare soan fan Janke wurdt sulversmid op 'e Gordyk en neamt him Van Zinderen. Ek de sosjalistyske foarman Rindert van Zinderen Bakker stamt hjir fan ôf.

Hindrikje de oare dochter fan dûmny Van Sinderen fan Beetstersweach trout mei Anne Freerks. Hja krije 3 bern Van Sinderen: Ulbe, dy't sulversmid wurdt yn Amsterdam yn 1830, syn tûke fan de famylje is útstoarn. Dan is der noch Hotse; hy wurdt turfskipper. Neiteam hjirfan wennet yn Rotterdam.

De tredde soan van Hindrikje is Sipke. De doopyskriuwing fan Sipke yn Beetstersweach doogt net, syn "heit" Anne Freerks" is dan al 2 jier fuort. Dizze Sipke kin dus nooit in soan fan Anne Freerks wêze. De neiteam fan dizze Sipke is tige honkfêst en libbet 7 generaasjes lang yn de Dongeradielen.

Ta beslút noch it omfreegjen en de meidieling dat der op 19 novimber in gearkomste is fan de NGV en ik wike letter de presintaasje fan it Jierboek.

Notulist: Rinse Spits